

HÂNLIEDING

foar it oanfreegjen fan de

FRYSKE NASJONALITEIT

ek wol: de nasjonaliteitswiksel

NASJONALITEIT



FRYSK

Nei in idee fan Wolter Jetten en Chris van Hes.

Ynhâld

Foarwurd	Side 4
1. Ynliding	
1.1 Wat en wêrom	Side 5
1.2 Nasjonaliteit?	Side 5
1.3 Ferline	Side 6
2. De Ferklearring	
2.1 Stap ien: opstelle fan de Ferklearring	Side 8
2.2 It ferfolch; in ôfspraak meitsje	Side 8
2.3 Ta beslút: de Ferklearring ôflizze	Side 9
3. Nei de Ferklearring	
3.1 De gemeente seit 'nee'. Wat no?	Side 10
3.2 In ferfolchstap	Side 10
4. Fierder	
4.1 De media	Side 11
4.2 Kontakt en help	Side 11
4.3 Keppelingen	Side 11
5. Taheakken	
5.1 Foarbyldbrieff Chris	Side 12

Foarwurd

Rju achte lêzer,

Wy, Wolter Jetten en ûndertekene, hawwe dizze brosjuere skreaun mei in doel. It doel is net te oertsjûgjen, it doel is te ynformearjen. Wy wolle de lêzer ynformearje oer it resinte ferline, oer de Ferklearring sels en oer de stappen dêrhinne en dêrnei. Dy dingen wurde allegear op in strukturele wize staljûn yn dizze brosjuere. Dêr komt by dat wy alles yn klare en heldere taal skriuwe wolle. Gjin lange teksten en mei in grutte omwei, mar streekrjocht nei it doel ta.

Wolter Jetten, nûmer twa yn de rige fan 'Ferklearjende Friezen' en Chris van Hes, nûmer trije fan de 'Ferklearjende Friezen' binne fan betinken dat ynformaasje op in sa koart en dúdlik mooglike wize foar eltse Fries beskikber wêze moat. Mei help fan dizze brosjuere hoopje wy dat te berikken.

Mear ynformaasje oer de Ferklearring fan Ofstân stiet te lêzen ûnder paragraaf 4.3 fan dizze folder. Wy winskje dy in soad lêswille en súkses ta!

Mei rju achtinge,
Ut namme fan it bestjoer fan de Jongfryske Mienskip,

Chris van Hes

1. Ynliding

1.1 Wat en wêrom.

De Ferklearring fan Ofstân (hjrnei: de Ferklearring) is net allinne in formele aksje. It is ek in **morele** aksje. Nei it ôflizzen fan de Ferklearring kin elkenien oprjocht sizze dat hy/sy alle war dien hat om him/har Fries neame te litten. Dat de wet dit noch net formeel erkend moat net oan it gefoel ôfdwaan. Der feroaret foar dy formeel noch neat, spitigernôch. Op moreel mêd hasto dyn doel helle. Dus: **wês grutsk op dyn aksje!**

1.2 Nasjonaliteit?

Foar in protte minsken jouwe de wurden **nasjonaliteit** en **steatsboargerskip** aardich wat betizing. It meitsjen fan in ûnderskie tusken dy beide termen is fan grut belang! Nasjonaliteit tsjut de relaasje oan tusken in yndividu en in steat, kultuer as loyaliteit. It wurd nasjonaliteit hat *two* formele betsjuttingen:

1. It besit fan it steatsboargerskip fan ien as mear lannen;
2. Op grûn fan komôf as ôfstamming hearrende ta in bepaalde etnisiteit en naasje; nasjonaliteit stiet yn dizze definysje dus los fan it steatsboargerskip.

Nederlân ymplementearret de earste definysje, wylst wy de twadde definysje oanhâlde.

Dan de fraach oft de Fryske identiteit wol bestiet. Dêroer skriuwt Sjoerd Groenhof op syn webside www.wiismeifryslan.webklik.nl it folgjende:

It hat gjin sin en slachtsje it begryp (folks) identiteit hiel wiidweidich út. De identiteit en eigenheid fan in folk hat twa wichtige pylders: it kulturele en taalkundige neilittenskip. De likensens dy't men as yndividu mei oare yndividuen fan itselde folk hat.

In folk dat him net mear beroppe kin op syn mienskiplik erfgoed, heft himsels op. Der is dan gjin sprake mear fan in nasjonale ienheid, mar fan in losse mienskip fan yn harsels kearde yndividuen. Dêrmei hefst ek de noarmen en wearden fan sa'n mienskip op.

Op 16 febrewaris 2005 waard it Ramtferdrach foar de beskerming fan nasjonale minderheden yn Europa troch Nederlân ratifisearre (1 juny 2005 fan krêft), wêrby't de Friezen yn Nederlân as nasjonale minderheid (en dus yn harren folksidentiteit) erkend waarden. Mei oare wurden de Fryske identiteit is hjirmei offisjeel en formeel befêstige.

Mar einliks wol ik my ûntslein achte fan de plicht te beredenearden dat der in Frysk folk bestiet. De Fryske identiteit is om en om beskreaun. Want de skiednisboeken en de literatuer stean der fol fan, en dus is it sa. Sa pragmatysk moatte wy der tink ik mei omgean en net besykje ús holle te brekken oer fragen hoe grut dy groep Friezen dan wol wêze mei en oan hokker skaaimerken dy allegearre wol net hawwe moatte, wolle se as in nasjonale ienheid beskôge wurde.

Oer de identiteit en de autensiteit fan Friezen wurdt al mear as 2000 jier praat en skreaun, dus wy bestean!

1.3 Ferline.

Yn it ferline binne ferskate minsken dy foargongen. Dy minsken hawwe allegear de Ferklearring dien neffens de 'Rijkswet op het Nederlandschap' artikel 15 (dêr mear oer yn kêst 2.1). Hjrûnder in oersjoch fan de Friezen dy't de Ferklearring fan Ofstân yn de hjoeddeistige foarm dien hawwe.

1. Sjoerd Groenhof. 23 april 2007; yn Achtkarspelen.



Sjoerd hat as earste Fries de Ferklearring fan Ofstân dien en is dêrmei ek inisjatyfnimmer. De loyaliteits-petysjelist wie ek in inisjatyf fan Sjoerd. Dy list stiet no te lêzen op: www.wiismeifryslan.webklik.nl

2. Wolter Jetten. 29 maaie 2007; yn Ljouwert.



Wolter hat as twadde Fries de Ferklearring fan Ofstân dien. Omdat Ljouwert in wat gruttere gemeente is moast syn Ferklearring by de boargelike stân dien wurde. Ornaris wurdt dy Ferklearring ôflein foar it each fan de boargemaster.

3. Chris van Hes. 30 juny 2010; yn Skarsterlân.



Chris hat as tredde Fries de Ferklearring fan Ofstân dien. Mei syn 18 jier de jongste út de rige. Doetiids is er wiidweidich yn it nijs west, ûnder oaren in reportaazje fan Omrop Fryslân.

4. Willem Schoorstra. 5 maaie 2012; yn Dongeradiel.



Skriuwer Willem Schoorstra hat as fjirde Fries de Ferklearring ôflein. Der wie in grutte opkomst by syn ôfstân. Der kaam ek in nije gjalp yn swang: *de nasjonaliteitwixsel*.

5. Bertus Jans Postma. 22 novimber 2012; yn Menameradiel.



Bertus is mei syn 83 jier de âldste fan de fiif. Hy krige ek in 'nee' te hearren. Bertus Postma einige mei de wurden: 'Ik bin berne as in Fries, ik libje foar God en minsken as in Fries, ik soe oan 'e ein stjerre wolle as in Fries. Mar dan moat de oerheid my myn eigen nasjonaliteit yn syn befolgingsregister net ûntkeare.'

Ta beslút.

Yn dit stik wurde de minsken neamd dy't de moderne formele Ferklearring fan Ofstân dien hawwe, mei de Rykswet op it Nederlannerskip kêst 15 as grûnslach. Der binne ek oare Friezen dy't yn it ferline formeel de Nederlânske nasjonaliteit ôfswarden. Dat wienen:

- Bearend Joukes Fridsma (29 april 1931)
- Doekele Brouwer (16 jannewaris 1951)
- Wybren Couperus (11 juny 1996)

Doekele Brouwer hat syn gelyk by de rjochter krigen.
Dat wie op grûn fan:
'gewetensbezwaar, ontleend aan godsdienstige opvatting.'

2. De Ferklearring.

2.1 Stap ien; skriuw dyn Ferklearring.

Foardat de Ferklearring dien wurde kin, moat der fansels wol in Ferklearring makke wurde. Gelokkich binne de **foarbyldbrieven** frij te brûken en allinnich de persoansgegevens moatte der noch by. Fan sawol Sjoerd as Chris as Willem binne de brieven online te finen. It foarbyldbrieffan Chris van Hes hawwe wy ek taheakke **oan dizze folder**. Dat brief is te finen op side 12. Mei dyn eigen gegevens is dat brief dus frij te brûken.

Fansels moat de eigen motivaasje der ek wêze om de Ferklearring te dwaan (sjoch kêst 1.1). Do moatst it ommers lykfine kinne mei de ynhâld fan it brief. Fansels kinsto ek dyn eigen Ferklearring skriuwe; hâld dan rekken mei it folgjende:

- Dyn **persoanlike motivaasje**: Op hokker grûn dochsto ôfstân? Kultureel, op grûn fan histoarje of op grûn fan loyaliteit.
- De **juridyske motivaasje** (sjoch foarbyldbrieven)
- Doch dyn Ferklearring fan Ofstân altyd neffens 'de **Rykswet op it Nederlannerskip**' kêst 15.

Sjoch foar mear ynfo:

http://wetten.overheid.nl/BWBR0003738/geldigheidsdatum_26-11-2012#Hoofdstuk5

Hasto help nedich? Stjoer ús in e-mail!

2.2 It ferfolch; in ôfspraak meitsje.

No is it tiid om in ôfspraak te meitsjen. Net belje, **altyd** skriuwe! In e-mail is mear as genôch, in brief kin ek. De gemeente moat it skriuwen fan syn ynwenners **altyd** beäntwurdzje. In amtner moat dy altyd wetlik talitte yn it proses fan de Ferklearring fan Ofstân. Op de webside fan dyn gemeente kinsto it e-mailadres of postadres fine.

Yn dyn skriuwen oan de gemeente dochsto allinnich mar it fersyk om de Ferklearring fan Ofstân te dwaan neffens de **Rykswet op it Nederlannerskip, kêst 15**. Skriuw net dat it oer de Fryske nasjonaliteit giet, want in amtner hat in *remmende* faktor. Hy of sy sil dy dan mei heale argumintaasje besykje te wizen op it feit dat soks net mooglik is.

Gewoan in ôfspraak meitsje foar de Ferklearring fan Ofstân en fierder neat. Jou pas ynformaasje as dêrom frege wurdt. Tink derom: Elkenien mei in fersyk yntsjinje! It is dyn rjocht!

Nei it meitsjen fan de ôfspraak is it gebrûklik (mar it hoecht net) om de media yn te ljochtsjen. Mei it berjocht datsto ôfstân dwaan silst fan de Nederlânske nasjonaliteit kinne jo in e-mail skriuwe nei de redaksjes fan ferskate media (redactie@lc.nl , redaksje@omropfryslan.nl , tips@frieschdagblad.nl , ensafh.).

Fansels kinsto de Jongfryske Mienskip en de Ried fan de Fryske Beweging op 'e hichte hâlde. Dat binne organisaasje dy't dy fierder helpe kinne (ek mei juridyske stipe). De e-mailadressen binne: jongfryskemienskip@gmail.com en ynfo@fryskebeweging.nl

2.3 Ta beslút; de Ferklearring ôflizze

Dan is it safier. Do silst hjoed de Ferklearring ôflizze. Dat sil bestean út it foardragen/foarlêzen fan dyn brief. Do kinst der foar kieze om de media der ek by te litten. Hja sille dy dan ek ferskate fragen stelle, mar mear dêroer yn kêt 4.1. Haw dyn ferhaal goed klear want minsken sille dy grif de neikommende fragen freegje: Wêrom dochst it? Wat binne de mooglikheden? As it net slagget/slagge is wat silst dan dwaan? Hoe bist derby kaam om dizze stap te dwaan? Wat feroaret der foar dy?



Chris van Hes mei boargemaster fan Skarsterlân. Dhr. B. Kuipers

3. Nei de Ferklearring

3.1 De gemeente seit 'nee'. Wat no?

Om't de boargemaster útfierder fan de wet is, sil er dyn fersyk net ynwilligje. Hy sil dêrby ek in motivaasje jaan. Freegje dy motivaasje altyd op skrift! Dat kin letter, foar in mooglik ferfolch fan grut belang wêze.

Yn Europa en Nederlân hawwe jierrenlang amtners oan it stinnen west op it Ramtferdrach oangeande de Beskerming fan Nasjonale Minderheden. Dat ferdrach is troch ferskillende Europeeske lannen ratifisearre, sa ek troch de Nederlânske steat (offisjeel makke). Dêrmei seit Nederlân dat it him hâlde sil oan de ôfspraken dy't dêryn steane. Dy ôfspraken binne ûnder oaren: beskerming fan it Frysk, it stimulearjen fan it Frysk, regels oangeande it brûken fan it Frysk yn rjochtsealen, Frysk yn it ûnderwiis ensfh. No binne op it stuit dy ôfspraken noch net yn wetten en offisjele dokuminten fêstlein (der binne útsûndering; lykas it ferdrach sels, de wet OKE ensfh.) Dêrom is it ferdrach net sichtber yn wet- en regeljouwing. Dy ymplementaasje sil fan de Fryske en Nederlânske polityk komme moatte.

3.2 In ferfolchstap.

Yn de alinea hjirboppe is it al neamd; in mooglik juridysk of polityk ferfolch sil grif komme. Wy winne dizze striid om ús eigen nasjonaliteit brûke te meien! Der binne ferskillende middelen en de mooglikheden. Foar dy hoecht it neat gjin wurk te wêzen, faaks kinne wy wol it brief fan de boargemaster brûke. Scan dêrom it brief efkes yn en stjoer dy op nei jongfryskemienskip@gmail.com

Mooglike senario's foar in ferfolch binne:

- Nei de rjochter ta.
- In boargemaster dy't dyn fersyk wol goedkard. De gefolgen dêrfan binne noch net bekend, mar dúdlik is al dat der dan in konflikt is mei de wet. In boargemaster dy't oan ús kant stiet makket it draachflak grutter om ús eigen Fryske nasjonaliteit ek foar de wet formeel te krijen.
- De polityk kriget ynteresse en behannelet ús saak yn de Twadde Keamer.

4. Fierder

4.1 De media

In net te ûntbrekken ûnderwerp rûnom de Ferklearring fan ôfstân is de media. De provinsjale kranten en nijssiden skriuwe faak in stikje oer dat ûnderwerp. De media makket ús stribjen fierder bekend en helpt ús oan mear stipe foar de Fryske nasjonaliteit. Do kinst der lykwols ek foar kieze om de media net yn te setten. Wat dy it bêste liket...

4.2 Kontakt en help

Lykas yn it foarwurd beskreaun; it kin in hiele poepetoer lykje om de Ferklearring te dwaan. Wy hoopje mei help fan dizze folder de eangst fuort te nimmen. Fansels kin it wêze datsto fragen en/as opmerkings hast. Asto ek oare swierrichheden hast; dan wolle wy graach help biede. Stjoer in e-mail nei jongfryskemienskip@gmail.com Do krijst dan seker binnen trije dagen antwurd.

4.3 Keppelingen

Hjirûnder in rige keppelingen dy't brûkber foar dy wêze kin.

www.jongfryskemienskip.com	Side fan de Jongfryske Mienskip
fryskebeweging.nl	Side fan de Ried fan de Fryske Beweging
wiismeifryslan.webklik.nl	Side fan Sjoerd Groenhof
http://lyt.sr/pnqf7	YouTube filmke mei Chris van Hes oer syn ôfstân dwaan (Omrop Fryslân)
www.itnijs.nl	Side mei ferskate nijsberjochten en ynformaasje oer dit ûnderwerp. Sykje op: Fryske Nasjonaliteit.

5. Taheakken

5.1 Foarbyldbrieff Chris van Hes

Foarbyldbrieff

Ferklearring fan Ofstân

Ik, Chris van Hes, berne op 04-05-1992 te it Hearrenfean as Fries yn Fryslân, út Fryske âlders en op Fryske grûn, wêrfan it neiteam fier werom giet. Ynwenner fan de gemeente Skarsterlân en wenjend yn Sint Jânsgea.

Hjirby doch ik as Fries - tsjinoer de boargemaster fan de gemeente Skarsterlân, dhr Kuiper - formeel 'de verklaring van afstand van de Nederlandse Nationaliteit' dit as Nederlânsk Steatsboarger.

Dit op basis fan ûndersteande argumintaasjes en erkende juridyske rjochtheidsbegjinselen.

Fries erkend as Nasjonaliteit

1. Chris van Hes is berne as Fries, út Fryske âlders en op Fryske grûn wêrfan it neiteam fier werom giet.
2. De Friezen ien fan de âldste folk is fan West-Europa en de Fryske taal erkend is as Ryksstaal.
3. Utspraak Kroon/Rjochter! "Fries" is een nationaliteit.

In de opgaaf voor het handelsregister van de Firma Doekele Brouwer te Sint Jacobi Parochie stond achter de vraag omtrent nationaliteit: 'Friesch' (Ned. Staatsburger). De Kamer van Koophandel verzocht om doorhaling van 'Friesch' en vervanging door "Nederlandse".

Doekele Brouwer verklaarde echter, dat hij van Friese nationaliteit was: "Ik ben geschapen als Fries, geboren uit Friese ouders en op Friese grond".

De Kroon (rechtshof): Doekele is Nederlands staatsburger en van Nederlandse nationaliteit".

Het verzoek van de Kamer van Koophandel is desondanks afgewezen. Doekele had namelijk verklaard: "Ik ben lid ener Gereformeerde kerk en weet mij als Christen gehouden tot gehoorzaamheid aan de overheid, doch daarop is bij mij één uitzondering mogelijk, namelijk dat ik God méér heb te gehoorzamen dan mensen".

Een dergelijke uitzondering achtte hij hier aanwezig en hij zei gewetensbezwaar te hebben tegen de medewerking aan de verandering der opgave, aangezien God hem als Fries had geschapen. Dit gewetensbezwaar werd door de Kroon erkend. Jurisprudentie: Kantongerecht Leeuwarden, 16 januari 1951, kenmerk; N.J. 1951, 191.

4. Friezen Nasjonale Minderheid 1 juny 2005.

It Ramtferdrach Nasjonale Minderheden is in ferdrach dat op 1 febrewaris 1995 troch de leden fan de Ried fan Europa sletten waard. Nederlân hat it ferdrach ek op dy datum ûndertekene. Pas op 30 novimber 2004 waard it útstel ek oannommen troch de Earste Keamer. Op 16 febrewaris is it ramtferdrach troch Nederlân úteinlik ratisfisearre en is fan 1 juny 2005 fan krêft wurden. Dêrtroch binne de Friezen no yn Nederlân en Europa erkend as echte nasjonale minderheid. It ferdrach hat betsjutting foar de (minske) rjochten lykas it frij brûken fan jins eigen taal, kultuer en identiteit. It wurd 'nasjonaal' yn it ferdrach fan Nasjonale minderheid fan de Friezen wol sizze dat se der foar alle Friezen binnen, en dat Friezen dêrby as 'natio', as folk sjoen wurde.

It doel fan it Ramtferdrach is it beskermjen fan de rjochten fan nasjonale minderheden en har juridyske erkenning binnen de ferskate lannen. It Ramtferdrach wol de folsleine en effektive gelikensens fan nasjonale minderheden fuortsterkje troch betingsten op te stellen dy't it har mooglik meitsje har kultuer te beskermjen en te ûntwikkeljen en har identiteit te behâlden. De Steat der Nederlannen ferplichtet him hjirmei om te wurkjen oan it behâld, it earbiedigje mar ek passende betingsten skept foar fierdere ûntwikkeling om de Fryske eigenheid as nasjonale minderheid, sa as yn de kaderferdrach oanjûn wurde, út te drukken.

Op basis fan it goedkarren fan it kaderferdrach erkenne hja no dat der op niisneamde grûnen sprake is fan in Fryske nasjonaliteit. Binnen de Nederlânske Steat binne der no twa erkende nasjonaliteiten. Wy Friezen hawwe as Nederlânsk Steatsboarger de Fryske nasjonaliteit. Dizze ûntjouwing is sûnder twifel wichtich foar Fryslân en in soad Friezen is wit hoe wiis mei dizze erkenning.

5. Universele Ferklearring fan de rjochten fan de minske.

Op basis fan artikel 15 en 17 fan de Universele Ferklearring fan de rjochten fan de minske, it Europeesk kaderferdrach fan 1994 ynsake de beskerming van nasjonale minderheden en Europeesk hof foar de rjochten fan de minske. Art. 15.

- o Ieder mens heeft recht op zijn eigen nationaliteit.
- o Niemand mag willekeurig worden beroofd van zijn nationaliteit, noch van het recht van nationaliteit te veranderen

Art. 17.

o Ieder persoon, hetzij alleenstaand of tot een collectiviteit behorend, heeft recht op eigendom.
o Niemand mag op willekeurige wijze uit zijn eigendom ontzet worden.

o De bescherming van nationale minderheden.
De Raad van Europa nam in 1995 het Kaderverdrag inzake de bescherming van nationale minderheden aan. De verdragsluitende partijen verplichten zich de doelstellingen van het Verdrag na te streven door middel van wetgeving en beleid op nationaal niveau. Hierbij moet gedacht worden aan gelijkheid voor de wet, behoud en ontwikkeling van culturen, bescherming van identiteit, godsdienst, minderheidstalen en tradities. Europese staten die zich willen committeren aan de bescherming van streektalen of talen van minderheden kunnen het desbetreffende Europees Handvest uit 1992 ondertekenen.

o Europese Verdrag voor de Rechten van de Mens (EVRM)
Verdrag is ten behoeve van de internationale handhaving voor het Europese Hof voor de Rechten van de Mens ingesteld. Staten en individuele burgers kunnen, ongeacht hun nationaliteit, een klacht indienen bij het Hof in Straatsburg indien zij van mening zijn dat verdragsluitende staten de in het Verdrag vastgelegde rechten hebben geschonden.

6. Beswier fan gewisse (gewetensbezwaar)

Ik berop my op beswier fan gewisse, om my earne yn te skriuwen en te úterjen mei in oare nasjonaliteit dan de Fryske.

Konkreet myn eask: Yfm boppesteande wol ik yn de gemeentlike basisadministraasje (GBA) registrearre stean mei as Nasjonaliteit 'Fries', dit as Nederlânsk Staatsboarger.

Achte hear Kuiper, boargemaster tige tank foar jo reewilligens.

Lit my einigje mei de wiere wurden fan de dichter en skriuwer Obe Postma: *Ik bin fan it Fryske lân in bern, gjin lid, dat ek betankje kin. Dat is net oars.*

Taljochting: as Nasjonaliteit Fries bin ik Nederlânsk steatsboarger, mei de rjochten en plichten dy't dêrby hearre.

Mei rju achtinge,

Chris van Hes
Sint Jânsgea, Fryslân